

'Beroemd tot over de grenzen

Min of mear by tafal rûn ik okkerdeis tsjin in toeristyske gids út 1926 oan. "Vereeniging voor Vreemdelingenverkeer en Natuurschoon in Gaasterland", in útjefte fan Alta NV yn Amsterdam. De titel hâldt al yn dat der net altiten mar wat omrommele is mei de natoer sa't de griene profeten fan hjoed-de-dei ús út en troch noch wolris mei ynsjipje wolle. 'Natuurschoon' krige yn de jierren tweintich ek al omtinken. Der wurdt omraak skreaun oer fûgels, planten lânsdouwe. En ek oer Wikel.

De skriuwer komt fan de Sleattemer kant Wikel ynfytsen. Hy hat noch tol betelle by de brêge fan Pieter de Hei. As hy it 'popperige stadje' ferlitten hat komt hy lâns 'flinke boerenplaatzen' yn Wikel 'welks groote toren reeds uit de verte wenkte'. De man makket it spannend, want 'zoudt ge vermoeden, dat hij zulke schatten bergt als ge weldra aanschouwen zult?'

Us toer is de âldste fan Gaasterlân 'met het mooie bos er naast, zeer schilderachtig gelegen.' De tsjerke wurdt wiidweidich beskreaun, al kin de reparaasje mei de lytse stiennen de man net bekoare. Oer de dûmnys: 'De met roem bedekte David Flud van Giffen. Weinig zal deze hooggeleerde prediker hebben vermoed dat de liefde en de belangstelling, welke hij voor Gaasterland gevoelde, in zijn geslacht zouden nawerken tot op den huidigen dag.'

Notaris

Yn Balk wie yn dy jierren en ek noch nei de oarloch Van Giffen, dy't kantoar hâldt op it stee wer't no de blibleteek is. Notarissen hienen yn dy tiid net in al te bêste namme. 'Jo kinne better ûnder in bolle sitte as ûnder in notaris' wie it sechje. Lykwols dizze Van Giffen wie de skribent ter wille, makke him weiwiis en sa die bliken, wat wy ek wol wisten, dat ds. Van Giffen 'hofprediker van de Friesche stadhoudelijke familie' west hat.

De brân, dy't de tsjerke yn it begjin fan de sântjinde ieu taheistere hat, hie fangefolgen dat it middenstik – dat part tusken toer en middenskip – nei de barrebysjes gongen is. Yn 'Ei sjuch it doarpke Wikel' it boek fan it Histoarysk Wurkferbân, hat meester Schaap dat ek al neamd. Yn de toerityske gids stiet lykwols in tekening fan de sitewaasje nei de brân: primityf, mar fansels wol nijskirrich.

It bliuwt net by de tsjerke en de toer, ús maat giet ek it bosk yn mar net

neidat hy de tombe fan Menno van Coehoorn 'een sieraad voor Friesland en een der mooiste praalgraven van ons vaderland' neamd hat. Sjoch, sa mei'k hearre. En: 'Indien het in een der centra van ons land te bezichtigen ware beroemd zou zijn tot over de grenzen.' De skriuwer jout him del op de plantaazje. 'Heerlijk plekje hier en wie even wil dwalen, vindt hier ook gelegenheid.'Tsja, dat wisten wy ek wol...

Hy hat der wol wurk fan makke, al kloppet it ferhaal net hiedal dat Wikel neamd is nei bruorren Van Wyckel, mar dat it earder oarsom is. Hawar, dat mei hinnebruije. De stins dy't ea yn de Ywert stien hat komt ek yn it boekje foar. Hy hat it sels oer twa stinzen.

De man fytst njonkenytsen Wikel út oer de Monikkenlaan 'achter ons het mooie Slotermeer, komen we langs een hoenderparkje bij een hoek. Het kleine boschje hier vormt met zijn omgeving de plaats van het klooster, dat hier gestaan moet hebben.'

Al mei al in moaie gids, sokke mear.

Willem Stegenga